

## Mear setmoal ûnder foly

Yn 2009 waard de maisteelt ûnder foly yn Nederlân wer yntrodusearre. In earder besykjen, healwei de tachtiger jierren, wie op neat útrûn. Agrarysk konsulent Hein-Willem Leeraar seach lykwols de potinsje by in rûnreis yn Ierlân, wêr't alle jierren 18.000 hektare ûnder foly teeld wurdt en wêr't sels in spesjale rasselist yn it libben roppen is foar de rassen dy't ûnder foly teeld wurde kinne. "Yn it ferline wie de kwaliteit fan it plestyk net foldwaande en wie de foly te strak spand wêrtroch de plant net goed opkaam."

Yn de tuskentiid is de technyk dusdanich trochûntwikkele dat der yn Nederlân yn 2012 rom 1.200 hektare mais ûnder foly teeld waard, benammen yn de noardlike provinsjes.

Ek yn België wurdt in foarsichtich begjin makke mei it telen fan mais ûnder foly, foaral yn de Ardennen. Neffens Leeraar wurdt it groeiseizoen fan de mais mei inkele wiken ferlingd fanwege de foly.

"Under de foly wurdt de temperatuer heger, oant wol 35 graden, dêrtroch hoege jo net te wachtsjen op de krekke boaiemtemperatuer en kinne jo twa wike earder siedzje. Troch oan de foarkant it groeiseizoen te ferlingen, kin de rispinge yn de hjerst earder plak fine wêrtroch it risiko op struktuerskea yn de hjerst ôfnimt." Ter yllustraasje; yn 2011 waard de earste mais op 16 maart siedde en wie de rispinge ein augustus. It ôfrûne jier hat Leeraar leard dat te betiid ynsiedzjen ek gjin sukses is. "April wie te wiet wêrtroch de opbringsten tsjinfoelen."

Ek hat Leeraar konstataarre dat der minder mest nedich is om de folsleine potinsje fan mais te benutten.

"It opwaarmjen fan de grûn hat in positive ynfloed op de mineralisaasje fan de fiedingsmiddels. Yn 'e grûn sit faak in grutte foarrie oan fosfaat en stikstof. Dit wurdt better benut ûnder foly, wêrtroch bijmesten mei keunstmest net nedich is, mits der 40-45 m<sup>3</sup> driuwdong ta beskikking steld wurd."

Neffens Leeraar hoege greidboeren net bang te wêzen dat der ferliezen optrede troch de foly.

"Uteinlik brekke alle plantsjes troch de foly hinne, mar wy ha einliks gjin idee wat foar rassen der no eksakt geskikt binne foar folyteelt." Wol wit Leeraar dat ekstreem betide rassen krekt net geskikt binne.

"Dizze binne selektarre op kâlderresistinsje, dus dy dogge it ûnder de waarme omstannichheden fan de foly krekt net goed."

Mei 1.200 hektare ûnder foly wurdt op it stuit 0,5% fan it Nederlânske areaal ûnder foly helle. Leeraar mikt op in oandiel yn de merk fan 10% yn 2018. "Yn de noardlike streken mei faak in rûchfoer oerskot, is it in oantreklike teelt. Se kinne no ienfâldiger 14 à 15 ton droege stof fan in hektare ôf helje mei in heech setmoalgehalte. Foarhinne wie 350 gram setmoal de hektare in poerbêste skoare, mar fergelykjende proeven ha oanjûn dat folymais ûnder deselde omstannichheden 50 gram setmoal de kilo droege stof mear oplevert."

## Meer zetmeel onder folie

In 2009 werd de maïs teelt onder folie in Nederland geïntroduceerd. Een eerdere poging, halverwege de jaren tachtig, was op niets uitgekomen. Agrarisch consultant Hein-Willem Leeraar zag echter de potentie bij een rondreis in Ierland, waar jaarlijks 18.000 hectare onder folie geteeld wordt en waar er zelfs een speciale rassenlijst in het leven is geroepen voor de rassen die onder folie geteeld kunnen worden. "In het verleden was de kwaliteit van het plastic niet voldoende en werd de folie te strak gespannen waardoor de plant niet goed opkwam."

Inmiddels is de techniek dusdanig doortwikkeld dat er in Nederland in 2012 ruim 1.200 hectare maïs onder folie geteeld werd, voornamelijk in de noordelijke provincies. Ook in België wordt een voorzichtig begin gemaakt met het telen van maïs onder folie, vooral in de Ardennen. Volgens Leeraar wordt het groeiseizoen van de maïs met enkele weken verlengd vanwege de folie. "Onder de folie wordt de temperatuur hoger, tot wel 35 graden, daardoor hoef je niet te wachten op de juiste bodemtemperatuur en kun je twee weken eerder zaaien. Door aan de voorzijde het groeiseizoen te verlengen, kan er in het najaar eerder geoogst worden waardoor het risico op structuurschade in het



najaar afneemt." Ter illustratie; in 2011 werd de eerste maïs op 16 maart gezaaid en eind augustus geoogst. Het afgelopen jaar heeft Leeraar geleerd dat te vroeg inzaaien ook geen succes is. "April was te nat waardoor de opbrengsten tegenvielen."

Ook heeft Leeraar geconstateerd dat er minder mest nodig is om de volledige potentie van maïs te benutten. "De opwarming van de grond heeft een positieve invloed op de mineralisatie van de voedings-

middelen. In de grond zit vaak een grote voorraad aan fosfaat en stikstof. Deze wordt beter benut onder folie, waardoor een bijbemesting met kunstmest niet nodig is, mits er 40-45 m<sup>3</sup> rundveedrijfmest ter beschikking gesteld wordt."

Volgens Leeraar hoeven veehouders niet bang te zijn dat er verliezen optreden door de folie. "Uiteindelijk breken alle plantjes door de folie heen, maar we hebben eigenlijk geen idee welke rassen er nu exact geschikt zijn voor folieteelt." Wel weet Leeraar dat extreem vroege rassen juist niet geschikt zijn. "Deze zijn geselecteerd op kouderesistentie, dus doen het onder de warme omstandigheden van de folie juist niet goed."

Met 1.200 hectare onder folie wordt momenteel 0,5 % van het Nederlandse areaal onder folie gehaald. Leeraar mikt op een marktaandeel van 10 % in 2018. "In de noordelijke streken, met vaak een ruwvoeroverschot, is het een aantrekkelijk teelt. Ze kunnen nu eenvoudig 14 à 15 ton droge stof van een hectare afhalen met een hoog zetmeelgehalte. Voorheen was 350 gram zetmeel per hectare een uitstekende score, maar vergelijkende proeven hebben aangetoond dat foliemaïs onder dezelfde omstandigheden 50 gram zetmeel per kilogram droge stof meer oplevert." ←